

**INKIJKVERSIE
SCRIPT**

HELP, SKOANMEM KOMT ÚTFANHÛS
(HELP SCHOONMOEDER KOMT LOGEREN)



In kluchtige komeedzje

Fan

C.J. SLIJKOORD

Oerset nij it Frysk troch

Jan de Vries

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HELP SKOANMEM KOMT ÚT FAN HÛS – HELP SCHOONMOEDER KOMT LOGEREN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **C.J. SLIJKOORD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2012 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN EN KLAAIÏNG:

Hetty - in gewoane , moderne frou. Sy is hjoeddeisk klaaid, lokkich troud mei Eric en yn har houlik is der ien dissonant . De oanfarringen tusken har man en har mem, dy't se likernôch beide ta freon hâlde wol.

Eric - Ek hjoeddeisk klaaid , kin it net litte om syn negative gefoelens foar syn skoanmem de frije loop te litten.

Jo - De mem fan Hetty. Rûnút sein in bemuoial en mei har skoansoan fan gjin kant lije. Se is âlderwetsk klaaid, hat har grize hier yn in knot (**prûk**) en is toaid mei in âlderwetsk sikefûns briltsje. Jo is in dominante frou en beslist gjin domme frou.

To - De suster fan Jo. Sy is wat âlder dan Jo en yn tsjinstelling ta har suster is To it best te typearjen as “slaafsk”, dom en te goed fan fertrouwen. Sy hat gjin as nauliks in eigen miening en giet hjiryn sa fier, dat se har suster safolle as mooglik neipraat. Alhoewol....soms binne der mominten dat se út har slof sjit. To draacht sa mooglik noch âlderwetsker klaaiïng as Jo, hat har grize hier ek yn in knot (**prûk**) en draacht ek in sikefûns briltsje.

Rosella - In fyn slipen sigeunerin mei in soad praatsjes, dy as wiersizzer har jild fertsjinnet. Rosella praat mei in Dútske tongfal, dit moat konsekwint troch fierd wurde t. Sy skout gjin inkel middel om har “klanten” op in gewykste wize safolle mooglik jild ôfhandich te meitsjen. Rosella is klaaid yn in kanten, wite bloeze mei in frivoale krage, sear wide mouwen en djip útsnien foarkommen. Sy hat in wide rok oan, sandalen nei fifiers, in omslachdoek en in holledoekje. Yn har lange swarte hier (**prûk**) draacht sy in blom. Fierders is sy toaid mei opmerklik grutte koper kleurige earbellen, in protte opsichtige ringen, rinkel earmbânnen en in grut goudkleurich halsketting mei in grut krús wat har dekolletee aksintuearret. Yn har dekolletee hat sy in spul kaarten weistoppe. Se hat (**sa mooglik in âlderwetsk**) **breiden tas** by har, wêr't in twadde spul kaarten yn sit.

To - Healwei de twadde akte moat To har omklaaie wêrby sy hast de selde klean oan kriget as Rosella, kompleet mei alle accessoires sa as by Rosella. Yn tsjinstelling ta Rosella hat sy in grutte sinnebril op, leafst mei spegele glêzen.

YNRJOCHTING KEAMER:

In bank mei minimaal ien stoel. Salontafel. Dressoir o.i.d. mei deryn fjouwer boarrel gleskes in flesse konjak (kâlde tee) jonge jenever (wetter) , in flesse bessen jenever (fruchtesop) .

In tillefoan. Neist it bankstel in krantebak mei wat tydskriften en kranten.

In tafel mei fjouwer stuollen. Sa mooglik twa doarren, links, de doar nei bûten en rjochts, de doar nei de oare fertrekken yn hûs.

DINGEN DY 'T NEDICH BINNE:

In doarbel.

In moadeblêd foar froulju, in krante.

Twa , sa mooglik identike koffers. Leafst âlderwetsk.

In blêd mei fjouwer kofje kopkes.

In koekjetrommel mei koekjes. In haakt taske (âlderwetsk) Deryn pakjes kaarten en in keatling mei amulet.

Twa ekstra pakjes kaarten.

In twadde , identike keatling mei amulet.

In papierke mei in 06 nûmer.

In glês molke.

In boadskiptas (shopper)

In reinjas foar Eric lyk as yn detektive films brûkt wurd, mei in bypassend huodsje.

In net al te bekend paske dat as recherche-paske brûkt wurde kin.

In grau bosk mei sleutels.

EARSTE BEDRIUW

Hetty sit op 'e bank en lêst in dames moadeblêd, wylst Eric yn in maklike stoel de krante lêst.

Hetty: (*Leit har moadeblêd yn 'e lektuerbak en sjocht nei Eric*) Hasto hjoed gjin neis. Do bist thús kommen, wy ha iten, do bist yn 'e krante dûkt en hast noch net in stom wurd sein. Dit is dus wat min bedoeld mei sleur yn jins houlik?

Eric: (*Leit no ek syn krante del*) Leave, ik ha gjin neis. Der bard op 'e saak ek neat bysûnders. Eindeleaze fergaderings, fierstente folle wurk foar fierstente min minsken en stank foar tank foar it wurk wat je nettsjinsteande noch op 'e tiid ôfkrije. Meidat it eltse dei itselde lietsje is, kin ik dus ûnmooglik sizze dat dit neis is. Mar, hasto wol neis dan.

Hetty: No....eins net. Dat wol sizze.....neat bysûnders.

Eric: Neat bysûnders....Dus.... do hast wol neis.

Hetty: (*luftich*) Nee hear, no ja.... ús mem hat my fanemoarn skille, mar dat kinne jo gjin neis neame, doch?

Eric: Nee! Want jimme mem hat it altyd oer itselde, dus kinne jo dat yndied gjin nijs neame. (*docht as of hy tillefoanart en docht de stimme fan syn skoanmem nei*) Ja famke, jimme wenje no wol sa fier fuort. Gewoan....net moai mear. Mear as hûndert kilometer by ús wei Wat sis ik? Folle mear!! Hoenear komme jimme no ris lâns. (*teart de krante op en leit him no ek yn 'e lektuerbak*)

Hetty: Ik wit datst myn mem net lije meist, mar it jout gjin pas om by eltse gelegenheid dat it oer har giet, dyn negative gefoelens oer har sa te spuien. Dat is foar my ek net aardich. It is en bliuwt wol myn mem.

Eric: Ja en dy haw ik der op ta krige! No nearne om Hetty mar sis no sels!... ha ik gelyk as net.

Hetty: Wêrmei?.

Eric: Dat sy wer eamele oer hoe fier wy wol net fuort wenje en dat wy nedich wer ris by har del komme moatte.

Hetty: Nee jonkje, dit kear hasto gjin gelyk. No ja....Do hast te diels gelyk.

Eric: Diels?

Hetty: Ja, it giet wol wer oer it fier fuort wenjen en sawathinne...mar. (*Lit Hetty net útprate*)

Eric: (*trionfantlik*) Sjochst wol. Ik sei it doch en sy sei sy ek dat wy sa gau as mooglik by har lâns komme moatte?

Hetty: Nee.... (*lyts*) dat hat sy net sein.

Eric: *(synysk)* Dan binne de wûnders de wrâld noch net út dus.

Hetty: *(rêstich, sûnder Eric oan te sjen)* De wûnders. Nee...miskien wol net....Eins hie se dit kear gjin inkel argumint om te kleien.

Eric: *(erchtinkend)* Wat....wat bedoelsto meidit kear.

Hetty: *(Sy is der mei oan, sy wit dat Eric net op dizze boadskip sit te wachtsjen)* Ja...hoe moat ik dit oan dy fertelle. Sjoch ...it sit sa*(No gejacht en ûnrêstich)* No ja...goed..., mem komt in wykje útfanhûs.

Eric: *(ferbjustere en lilik)* Wat!!!! Útfanhûs??? In Wykje!!!! Bisto no hielendal be.... *(sliket dúdlik wat fuort en nimt syn skoft efkes en seit dan rêstich)* Hoenear tinkt "juffrou oaiefaar" hjir del te striken? Want dan soarchje ik der wol foar dat ik tafallich krekt yn dat wykje foar myn wurk fuort moat. It leafst nei it bûtenlân. Bygelyks nei Timboektoe en adres ûnbekend.

Hetty: No... dat sil dy net tafolle.

Eric: Dat liket my raar ta. It moat o sa núver rinne as ik net op 'e tiid myn biezen pakke kin.

Hetty: Dan bin ik bang dat it dit kear O sa núver rinne sil, om dyn wurden mar efkes te brûken.

Eric: Do makkest my no wier wol nijsgjirrich. Toe fertel.

Hetty: Om 't mem al lang en breed ûnderweis is. Sy kin hjir sa wêze.

Eric: *(Ferbjustere)* Sy kin hjir... *(Hetty lit him net útprate)*

Hetty: En.... dat is noch net alles wat ik sizze woe... sy hat my ek frege as it goed wie as Muoike To ek mei kaam.

Eric: *(Begjint te iisbearen troch de keamer-synysk prate)* Muoike To..... Dy papegaai..... Dat minske sûnder eigen miening. Dy hobbeljende geit dy 't jim mem te pas en te ûnpas neipraat en siker nea tsjinprate sil. Hawwe wy it hjir oer deselde?

Hetty: *(suchtsjend en moedeleas)* Ja Eric, wy hawwe it oer deselde.

Eric: Nee, hé. Mar do hast der fansels fuortdaliks oer hine sein dat dit in hiele domme fraach wie?

Hetty: *(No wat yrritearre)* Nee, wat moatst ik noch sizze? Wat ik der fan begrypte, hie mem, doe 't sy my skille, de koffers fan har en muoike To al yn de auto stean... no dan kinne jo dôchs gjin kant mear op.

Eric: *(No hielendal fan streek)* Toemar...toemar.. sûnder earst te freegjen as it goed is! Dat mins is sa bretaal as de beul. Be....Be..... Besjut dit no wier dat wy in wike lang mei dy twa geastlik gestoarde , bemuoisieke âlde taarten opskipe sitte? *(slacht ferbjustere syn hannen foar syn eagen)* Dit wurd kompleet oarloch. Op 'e saak sit ik oan' e earen ta yn 't wurk en in aginda fol mei ôfspraken. Al hoe graach ik ek útpike wol..... ik kin net iens fuort. *(Sjocht smekend op*

nei har) Hetty...Werom moat mefrou Blauwbaard, tegearre mei dy tamme papegaai, no in ivichheid by ús útfanhûzje. Sy hat mear bern, lit har dêr hinne gean.

Hetty: (*Lilk*) No moatsto ris goed nei my lústerje...Yn earsten.... mem en muoike To binne net geastlik gestoard, twads, sûnt hoenear fynsto in wike in ivichheid, foarich jier, in wykje mei Henk en Marjan nei Portugal, do hast wol hûndert kear sein dat in wike omfjlucht. Treds, jou my ris ien goede reden werom mem en muoike To by myn broer as suster útfanhûzje moatte. Beide ha bern, dus dat wurd foar mem en muoike To fierstente drok. Der komt noch by.... dat it mei net mear as logysk liket dat wy sa njonkenlytsen ek ris oan bar binne om har in wykje op te fangen. Foarich jier is se al in pear dagen by myn broer west. Myn suster wol se net hinne om 't dy twa katten hat en mem dêr allergysk foar is. As lêste... " it wie mem har idee **net** om der ris in wike tuskenút te gean hear" har húsdokter hat har dit oanrêd. Nei syn sizzen waard it heech tiid en it soe har nij alle gedachten goed dwaan.

Eric: Wat no húsdokter. Kwaksalver silst bedoele. Wat in geëamel fan san kearel. (*skamper*) in wykje der tuskenút sil har goed dwaan. Hy stjoerd har gewoan in wike it bosk yn om efkes ferlost te wêzen fan san seur-firus. Mei as gefolch dat "wy" hjoed as moarn nei in psjiater moatte om 't "dyn leave memke en sus To" ús de gerdinen yn jeie

Hetty: No moatst ophâlde Eric..do oerdriuwst en stelst dy oergryslík oan. O ja... noch wat oars, stel my a.u.b. net teloar de kommende wike. As freegje ik dan it ûnmooglike?

Eric: Ik sil myn bêst dwaan. Mar..sawol jimme mem as har mislik meitsjende suster hawwe it yn harren om immen yn in sucht en in skeet oerspand te meitsjen. (*falt swier oerdreaun op ien knibbel, slacht syn hannen ynien en sjocht smekend omheech en seit dan*) Asjeblyft help my!!!! (*op dit stuit giet de doarbel en giet Hetty links ôf nei de foardoar*) (*ûnderwilen bliuwt Eric omheech sjen en seit*) Leave 17, Jo hearre my dôchs wol? Dit neam ik gjin helpen mar meidwaan om immen rjochtstreeks de fernieling yn te jeien. Wat in ramp.

Jo: (*komt deryn mei muoike To en Hetty efter har oan, wylst Eric noch hieltyd op ien knibbel yn 'e keamer sit, omheech sjend. Jo en To ha deselde koffers by harren*) Och leave jonge, wat sjoch ik? Us komst is foar dy in geskink út 'e himel? (*Synysk*) Wy sille der in hiele moaie wike fan meitsje , hé To.

To: Ja wis Jo. Wy meitsje der in hiele moaie wike fan, jaaa dat dogge wy!

Jo: Leave jonge! Hâldt mar op mei dat meditearren, dyn gebeden binne ferhoart, bring leaver ús koffers mar nei de keamer.

To: Ja, toe...bring ús koffers mar nei ús keamer, *(mei klam)* leave jonge.

Eric: *(mei ynhâlden woede)* Efkes foar alle dúdlikheid. Ik bin en ik hiet gjin "leave jonge" en jimme komst is alhiel gjin geskink út de himel! Mear in Satanskomplot. Miskien wol Hetty jimme koffers nei boppe bringe, ik haw it alderferskuorrendste drok *(sil gau de keamer út, mar stoppet as Hetty him noch wat nei ropt)*

Hetty: Eric, wer giesto hinne.

Eric: *(lilk)* In nêst jonge katten keapje. *(Jo sjocht him ûnbegryplik oan)* Ja seker... krekt no keapje ik in nêst jonge katten. Oant sjen. *(giet no echt de keamer út)*

Hetty: Neat fan oan lûke mem. Hy keapet wier gjin nêst jonge katten. Eric hat it de lêste wiken fierstente drok op it wurk en hy hat no ienris in koart lontsje. Ik sil jimme koffers earst mar efkes nei boppe bringe. *(makket mei har earm in útnoegjend gebaar)* Jou jim mar noflik del. *(pakt beide koffers op , rint de keamer út wêrnei Jo en To op 'e bank sitten gear)*

To: *(ferûntweardige , skokt)* Wat in praat sis. Soks sizze jo dochs net!

Jo: Wat net?

To: No... dat Eric san lyts lontsje hat. Dêr kin dy leave jonge dochs neat oan dwaan. Dy is syn eigen skepper ek net west wol? Hy is no ienkear net langer. Jo moatte sa mar tinke "Koart mar krêftich" Myn Joris saliger hie.... *(wurd op dat momint plots ûnderbrutsen)*

Jo: *(gebiedend)* Bedimje dy To en hâld op mei dyn seksistyske praatsjes! Hetty bedoeld hiel wat oars as werdsto oan tinkst *(ferwytsjend)* âlde fiispeuk.

To: O Ja!! Hie ik it net tocht!

Jo: Wat net.

Hetty: *(komt keamer yn)* Is der wat. Jimme sjogge sa bedrukt.

Jo: Nee hear, neat bysûnders. To har hormoanen komme nochris ûnder de stok op.

To: *(op de manier wêrop To nei Jo sjocht is te sjen dat To der neat fan begrypt)* Nee hear....der is neat mis mei myn....., uh...mei myn hormoanen.

Hetty: *(skouder opheljend)* Ik begryp der neat fan.

To: *(hellet ek har skouders op)* Ik ek net.

Jo: "Hoteme toetje", it liket my better assto dyn klepke no efkes ticht hâldst.

To: O Ja!!!.....Hie ik it net tocht.

Jo: Wat net.

Hetty: Toe meitsje no gjin spul, jim hawwe in lange reis efter de rêch en sille fêst wol sin oan in bakje kofje ha?

Jo: Goed idee. In lekker bakje kofje sil der no wol yn gean.

To: Jaa in hiel goed idee. In lekker bakje kofje sil wol smeitsje.

Hetty: (*glimket*) Dat woe ik mar sizze. De kofje is al brún. Ik sil se efkes helje. (*rint de keamer út*)

Jo: Wat in skat fan in fanke hê.

To: Jaa..do hellest my de wurden út 'e mûle Jo. Hetty is absolut in skat fan in fanke.

Hetty: (*komt de keamer yn mei in tsjinblêd wêrop trije kopkes kofje stean en in koeketrommel. Wylst sy de kopkes delset en sitten giet, seit se*) Sa, lit it jimme mar goed smeitsje.

Jo: Dat sil wol slagje.

To: O jaaa maklik.

Eric: (*komt deryn ,ploft op in stoel en rjochtet him ta Hetty*) Ik hie Henk niiskrekt oan 'e tillefoan, kinsto dy noch heuge dat wy eartiids ris ôfpraat ha om in jûntsje te stappen en no liket it him wol goed ta om dat jûn mar te dwaan Ik koe my dêr wol yn fine fansels.

Hetty: Moat dat jûn? útrekkene no 't mem en muoike To der binne.

Eric: (*mei in grimas op syn gesicht en sa synysk mooglik*) Ja Hetty dat moat útrekkene jûn. Trouwens dat fynt mem hielendal net slim. Dy gunt har "leave jonge" wol in gesellich jûntsje. Is 't net sa leaf skoanmemke fan my.

Jo: Jawis "'leave jonge" gjin inkel beswier hear. Dêr sit fansels ek wol in stikje eigenbelang by, mar dat fynsto dan wer net slim wol?

Eric: Eigenbelang?

Jo: Jawis. Ik bin "sels" eins ek wol ta oan in gesellich jûntsje en ja dat sla.... (*sjocht him grimmitich oan*) dus....wat my oanbelanget kinsto jûn mei in gerêst hert hiiiel lang de hort op gean.

Eric: (*synysk*) Wat fijn dat jo it goed fine en my dit gunne. No soe ik wol graach in kopke kofje ha wolle.

Hetty: (*Stiet op en rint rjochting keuken*) Wolsto... (*wurd no ûnderbrutsen troch har mem*)

Jo: Ho ho... efkes geduld Hetty. Bisto no syn hûshâldster as syn frou? Bist net wiis. Menear komt deryn, set dy foar it blok mei de meidieling dat hy fan 'e jûn de hort op giet en jout dy dernei it befel om kofje foar him yn te jitten. It mankearet him net oan syn hannen wol.

Eric: (*stiet hefich ferûntweardige op*) Wat krije wy no. Jo Thatcher sil ús saken hjir wer ris regelje. (*ynienen folle matigjender*) It spyt my Hetty, fansels mei ik my sa net gean litte, mar dyn "leave memke" makket it dat" myn bloed sûpe wurdt" en dan kin ik my net normaal

hâlde en drage. Leau my, ik bin der hielendal net op út om rûzje te meitsje. Gean do mar wer sitten, dy kofje laket my ynienen net mear oan. (*Hetty bliuwt fertwivelt stean, mar giet dan dochs sitten*) Jou my efkes wat tiid om stoom út de hegedrukpanne ôf te fieren. Henk ferwachtet my foarearst dochs noch net. Ik gean efkes in slach om en sa gau ik mysels wer in bytsje yn de stringen ha kom ik werom. Oké.

Hetty: (*Stiet op en rint nei Eric*) Dat is goed mar bliuwst net mei op set sin te lang fuort hê.

Eric: Nee leave, hoe komsto dêr no by. Ik bin hjir sa wer. (*Tutet Hetty en rint de keamer út*)

Hetty: Mem, eins wol ik dit net iens sizze, mar om it dizze wike wat gesellich te hâlden doch ik it doch. Wolle jo “asjebleaft” besykje jo net hieltyd mei alles en elkenien te bemuoien. Jo bemuoisucht wurket by Eric as in reade lape op in bolle.

Jo: It spyt my! Mar wier... ik kin der alhiel net oer as hy dy behannelt as wiist syn besit.

To: Dat is wier, Hetty . Jaaa dêr soe ik ek net oer kinne.

Jo: To...fijn datsto it sa mei my iens bist, mar ik ha dochs leaver datst dyn kaken op elkoar hâldst.

To: O Ja!!!.....Hie ik it net tocht!

Hetty: Mem, ik freegje jo noch ien kear....nee ik easkje fan jo... as Eric daliks wer thús komt, stel jo dan in bytsje minder kritysk op. Ik bin der wis fan dat hy dat dan ek docht. Jim lykje wol in stelstsje ly..... (*op dat momint giet de doarbel*) Wa kin dêr no wêze. Momintsje (*rint nei de foardoar*)

To: Soe Eric dêr alwer wêze?

Jo: Ach nee ju dy is ommers krekt de doar út. As dy salang fuort bliuwe moat oant hy syn opkropte frustraasjes wer yn betwang hat, meist bliid wêze dat hy, foar dat ús fakânsje der op sit, uberhaupt noch thús komt

To: Do hellest my de wurden út de mûle, Jo. Dêr koesto bêst ris gelyk oan ha. No ja bliid wêze!

Hetty: (*Fan efter de coulissen*) Ja, mar myn mem is hjir útfanhûs en ik bin der eins wol wis fan dat sy neat fan jo en jo fakgenoaten ha moat. Ik tink net dat it sa ferstannich is om der no krekt yn te gean.

Rosella: (*noch hieltyd fan efter de coulissen. Tink foaral oan 't Dútsk aksint*) Maak dich nou maar niet druk, lief meedsjen. Ich bin daar van overtuigd dat jeden benieuwd is naar seinen toekomst. Daar zal je muti beslist kein uitzondering auf maken.

Jo: Stil ris, hearsto wat ik hear.

To: Nee, want ik wit net watsto hearst en ik wie wol stil.

Hetty: *(Op dat momint komt Hetty de keamer yn mei Rosella fuort efter har oan)* Mei ik jo yn de kunde bringe mei mem en....

Rosella: Halt!!!! Niets sagen. Ik voel hier ein zekere spanning. Geef me even de tijd om alle vibraties goed in me auf tsoe nemen.

Jo: Ach jee. Sjochsto dat To. It skatsje begjint te wibeljen.

To: Jaa, ik sjoch it. Skatsje begjint te wibeljen.

Jo: *(Nei Rosella)* Miskien is it, foardatst wiidweidich stean giest te wibeljen, wol sa netsjes om dysels earst foar te stellen,.

Rosella: Mijn name ist Rosella en ich geje niecht wieberen, aber wil de vibraties aus deze kamer tsoe mier nemen. Unt ich versta das Fries heel goed aber spregge dat niet.

Jo: Ohhh, dat is dan dúdlik. Spitigernôch ha ik noch gjin fibraties sjoen yn dizze keamer.

To: Ik ek net. "Eilaas – pindakaas" *(sjocht derby Jo triomfantlik oan)*

Jo: Sa te hearren komst fan fier. Dútsklân.

Rosella: Nein, Hongarije.

To: *(begjint in Sinteklaassankje te sjongen)*

't is een vreemde zeker, die verdwaald is zeker.

Zal haar gauw eens vragen naar haar naam.

(begjint no te skatterlaitsjen om har eigen grap en sels Jo laket mei)

Jo: Ik ha it gevoel dat jo elts momint troch jo hoeven gean kinne. Se soe earst hielendal gjin earbellen yndwaan. Mar lokkich fûn sy noch in pear. *(rjochtet har no ta To)* Jo moatte nochal in grutte kast ha om sokssawat yn op te bergjen. *(beide begjinne wer te skatterlaitsjen)*

To: Dat is wer ris efkes âlderwetsk laitsjen, hé Jo. *(rjochtet har ta Hetty)* Dyn mem is my der ien hear. Dy kin echt alderferskuorrendst tûk út 'e hoeke komme.

Rosella: *(hifket beide earms omheech en sjocht mei in frons op har foarholle nei Jo en To)* HALT!!!! Dit is helemaal niecht leuk. Jullie moethn je schamen om iemand zo belachelijk proberen te maken. Bah!!! *(rochtet har no ta Hetty)* Staat U mij toe das ich aan tafel ga zitten, fraulein?.

Hetty: Fansels Ro....Uhhhh....It spyt my, mar jo namme is my efkes ûntsketten.

Rosella: Giebt niechts, hoor. Alhoewel ich denke dat U wel eens van mier gehoord heeft. Mijn name is Rosella. Bekend van televisie und andere media. Mit name in das buitenland ben ik nog regelmatig auf de televisie tsoe bewonderen. Daar word ich dikwijls geïnterviewd uber mijn gave als waarzegster. In sommige kringen noemen sy mich auch wel "Rosella, de zieneres" Die naam habe ich mede te danken aan das feit dat ich regelmatig mijn

medewerking verleen aan de politzei. Mit name bij das opsporen van slachtoffers of daders die spoorloos zijn verdwenen.

Jo: Oh jaaaa? No ik haw noch nea fan jo heart. Hoe kin dat.

Rosella: ich arbeide nog niet zo lang in Holland, aber....ich moet eerlijk sagen dat de eerste besprekingen met zowel de televisie als het landelijk politzei apparaat al hebben plaats gefunden.

Jo: *(skeptysk)* Soa, soa, net te beskieden!. Mar fertel ris... yn hokker hoedanichheid ha jo de polysje en de minsken fan de tillevyzje te wurd stien.

Rosella: Uiteraard in gliche hoedanigheid als ich nu voor sie sta. *(hifket har earms ten himel)* Als dy einige, ongeëvenaarde waarzegster Rosella.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto